

Oprjochting fan “de Sékrite”, Fryske Krite fan Lelystêd en omjouwing op 25 novimber 1971

It idee om in Fryske Krite yn'e nije polder op te rjochtsjen, ûntstie yn oktober 1971. De earste ynwenners fan Lelystêd wiene hiel tafallich Friezen, de fam. Sytsma. Doe't efkes letter de fam. Schiere yn Lelystêd kaam te wenjen (dy't al lid wiene fan de fryske krite yn Kampen), waarden hja it al gauwêftich iens, dat der yn Lelystêd ek in krite komme moast. Mei noch in pear oare friezen binne hja doe begûn om by de doarren lâns te gean, om mear minsken der waarm foar te krijen. Inkele fan dizze minsken wurken op it gemeentehûs en wiene sadwaande yn'e gelegenheid, om de listen mei nije ynwenners troch te sjen. As dêr dan in namme by wie, wêr't hja út opmeitsje koene dat it in Fries wie, dan gyngjen hja dêr op ôf. Jûnen en jûnen binne hja sa op paad wêst.

Om't Lelystêd in nije stêd wie, kaam it gau'ris foar, dat hja mei trije minsken foar de selde doar stiene. Ien foar de Fryske krite, ien foar de bank (meastal mei in blomke, dy hiene it measte jild) en ien fan de begraffenisferiening. Alles moast hjir doe noch fan'e grûn komme. Ek de agint fan de Ljouwerter krante en it Frysk Deiblêd en de man fan de SRV-wein hawwe hiel wat nije leden oanbrocht. Op 25 novimber wie dan de oprjochtingsgearkomste yn “de Meerkoet”, it earste restaurant yn Lelystêd. Der wiene doe 34 minsken en de 1ste foarsitter waard Hindrik Schiere. It duorre mar efkes, doe wienen der al 112 leden, werfan 12 wol toanielspylje woene en 22 woene wol meidwaan oan in skotsploech. De earste toanieljûn wie op freed 28 jannewaris 1972 yn'e Meerkoet. De toanielploech út Aldeboarn wie dêr mei it stik “De bekroande earsteling”. De krite hie doe 190 leden, werfan 140 op dy jûn oanwêzich wienen. De muzyk waard fersoarge troch in soan fan Sytsma, mei in bânrykorder. Ek doe wie der al in ferlotting (5 lotten foar Hfl. 1,=).

Op 23 febrewaris 1973 spile ús eigen toanielploech foar it earst, it stik “Taaie Teie”. Op 12 maart 1974 koe it 300ste lid ynskreaun wurde. De leden kamen eartiids net al linne út de Flevopolder, mar ek út Urk en Elburg. It grutste oantal leden fan ús krite hat 370 west (29 novimber 1975). Wat in ferskil by no, noch mar 80 leden. Op kritejûnen waarden dan de tafels út de seal wei helle, oars koene de minsken der net yn. It sjongkoar waard oprjochte op 8 febrewaris 1976 en de skotsploech op 25 febrewaris. Spitigernôch is de skotsploech al wer opdûkt en ek ús toanielploech hie in tekoart oan spylers. Yn 1976 waard troch eigen leden in kabaret opfierd en yn letter jierren noch 3 kear. Wy hoopje dat wy dit oantal leden fan no hâlde kinne en dat it sjongkoar bestean bliuwe kin.

Binne jo noch gjin lid fan ús krite, sjoch dan op ús weblog
<http://www.fryskbutenfryslan.frl>

Dêr kinne jo jo opjaan troch it kontakformulier yn te foljen!!

Meidielingablêd fan de Sékrite



Oprjochte 25 novimber 1971
Lid fan It Keninklik Frysk Boun om Utens

Jiergong 40
Nûmer 3, Desimber 2025

Rekkennûmer NL 84 RABO 0348 113 889
RABO-bank Lelystêd
Ynskriuwing K.v.K. nûmer 40059396

MINSKEN,
wêz dochts tûk
kom nei Valentijn
foar in presintsje
of opsmûk



Foar nije en healsliten boeken



kin Jo altyd terjochte by:

Luit en Johanna Dijk

0320 - 412444

luit.dijk@kpnmail.nl

THEATER POSA

It festjebûsteäter yn Lelystêd foar keunstleafhawwers! It moetingssplak foar jong en âld, in briedplak foar alle kulturele ynstellingen fan Lelystêd en omkriten.

**Kempenaar 01-10,
8242 BA Lelystad.**

Schoen- & Sleutelservice

T. Boonstra
Weversstraat 24,
8223 AC Lelystad
Tel: 0320-222288



**Als uw banden
versleten zijn
gooit u uw auto toch
ook niet weg?**



van Bommel
MOERGESTEL
HOLLAND
VAN LIER
since 1815

Voor meer informatie over vakkundige
reparatie van uw kwaliteitschoenen, kijk op
WWW.SCHOENMAKERSGILDE.NL



AG en M- en Y-dei 28 maart 2026.

Sneon 28 maart 2026 binne jimme alle-gearre wolkom op de Algemene Gearkomste en de Moetings - en Ynspiraasjemiddei fan it Keninklik Frysk Boun om Utens. Dizze sille holden wurde by de krite 'Fier fan Hûs' fan Apeldoarn.

**MOETINGS- EN
YNSPIRAASJE DEI**

LYTSE FERHAALTSJES

Op 'e hichte.

De skoarstienreager hie west en boppe op it dak sitten. Hy wie hast fan boppen klettere en hie him nochal wat beseard. Mem hie him yn alle gefallen ferbine moatten.

Sneins bea dûmny yn 'e tsjerke: "Wilt Gij zijn met allen die in hoogheid zij geprezen". Nei it gebed sei Piter tsjin syn mem: "Dûmny hie ek al heard fan ús skoarstienreager!"

Ek al.

Ds. Jelke Bruinsma silger fan de Gaastmar fertelde it folgjende:

"It wie yn de fyftiger jierren: keninginne, doe noch prinses, Beatrix, sylde mei freonen op de Fryske marren. Op in sneontejûn skille sy mei de pastorie en frege oft goed wie, dat sy de oare moarns nei de preek by dûmny en mevrouw op de kofje komme mocht.

Al gau gong it petear oer it brûken fan it Frysk. De prinses frege: Dûmny, jo binne in Fries yn ieren en sinen. Jo prate Frysk mei de minsken yn it doarp, op it fraachlearen, op hûsbesyk en yn de deistige omgong; wêrom dan net alle sneinen in Fryske tsjinst yn tsjerke?"

Ik andere: "Heechheid, doe't ik begûn mei de stúdzje teology en dûmny wurde soe, warskôge myn beppe my en sei: "Jelke, do tinkst derom, do prekest net yn 't Frysk hear, want ús Leave Hear is in Hollander."

dienen wy hjir it waarberjocht", seit Martsje Paulusma, syn âldste dochter. Sy wie by de ûntbleating oanwêzich, tegearre mei freonen en famylje. "Wy wurken altyd troch, dan wie it noflik om in fêste omjouwing te hawwen." Neffens har fûnen oare gasten it hiel normaal dat hy der wie. "Dat joech in hearlik gefoel. It paad en it monumint betsjutte in soad foar de Paulusma's", seit se emosjonearre. "Dit is foar ús sa bysûnder. Wy hawwe hjir safolle jierren stien. Dat er dan hjir sa'n moai natuerpaad krigen hat, dêr binne wy hiel wiis mei". "Us heit hie dit prachtich fûn, dêr bin ik wis fan." In grut part fan de famylje Paulusma wie oanwêzich by de ûntbleating. "Wy komme hjir noch hieltyd. Wy fine it hjir hearlik." Nei de ûntbleating fan it paad en it monumint lûke Beets en Paulusma, tegearre mei de oanwêzige famylje en freonen, in flesse sjampanje iepen. "Op Pyt!"

Dizze tekst stiet op it monumint:

Piet Paulusma en camping de Zandkuil zijn onlosmakelijk met elkaar verbonden.

Los van het feit dat hij een geliefde camping-gast was en hij hier volop kon genieten, zette hij jarenlang Camping de Zandkuil, Heerde en de omgeving op de kaart met zijn weerbericht.

Ter nagedachtenis aan Piet Paulusma is dit natuurplein naar hem vernoemd.

Zoals Piet Paulusma altijd zei: 'Oant Moarn!'

***Piet Paulusma
1956-2022***



Ynhâld Meidielingebled:

	side
# Foaropwurd fan de foarsitter	2
# Kritegearkomsten winterskoft 2025-2026 en Kriteiisj	4
# Ut de Boekehoeke	5
# Fries Museum - ferhaal fan Fryslân	6
# Ut de itensiderij	7
# Utnûging foar de Krystmiddei op 20 desimber	8
# Utnûging foar de Nijjiersbesite op 16 jannewaris 2026	9
# Beskriuwing oer Hindrik van der Meer	11
# Kuier fan Noarwâlde Súd nei Oldemarkt troch Eabele vd Veen.	13
# Monumint foar Piet Paulusma.....	15
# Lytse ferhaaltsjes	17

De kopij foar it nije krantsje graach ynleverje foar 12 jannewaris 2026.

Kolofon

Gearstalling fan it bestjoer fan ús Krite en oare saken:

Foarsitter: Jan Bijkerk, e-mail: sekrite@janbijkerk.nl

Ponghâlder: Jan Koopman, e-mail: jan@zwanenwater.nl

Skriuwer: Luit Dijk, e-mail: luit.dijk@kpnmail.nl

Lid: Yvonne Nederpel, e-mail: ycm.nederpel@gmail.com

Lid: Annie Noppers, e-mail: annie_evenhuis@hotmail.com

Lid: Jantsje Meijer, e-mail: jantsje-meijer@live.nl

Koar: Wytske Fransen, e-mail: wytsfra@gmail.com

Kosten: It lidmaatskip is €25,- yn't jier / stipers € 17,50 yn't jier. Opsizze fan it lidmaatskip moat foar 1 septimber, foarôfgeand oan it winterskoft, by skriuwer Luit Dijk.

Lidmaatskipsjild. It lidmaatskipsjild moat foar 1 septimber foarôfgeand oan it winterskoft betelle wurde. Ek kin der foar keazen wurde om yn 2 termienen te beteljen en wol foar 1 septimber de helte en foar 1 febrewaris dêrnei de oare helte. Nei de folsleine betelling wurdt it bewiis fan lidmaatskip útrikt.

De redaksje en opsmûk fan it boekje: Jan en Sjoerdsje Bijkerk.

Eareleden fan de krite: Albert Postma en Gerrit Kingma.

FAN DE FOARSITTER

Bêste kriteleden,

It is al wer heal novimber, oer in wike as seis dan hawwe we al wer Kryst. Underwilens hawwe wy de jiergearkomste en ús earste grutte gearkomste mei Folkgroep MUS al wer hân. Op 20 desimber organisearret it sjongkoar wer de jierlikse **Krystmiddei** yn teäter Posa. Elkenien is wolkom, ek net-leden en it is fergees! Dus nim jimme buorren, famylje en freonen mei nei Posa! It programma fan de Krystmiddei stiet op side 8.

Spitigernôch moatte wy ien fan ús leden misse, Fetsje Meijer is 30 oktober ferstoarn yn âldens fan 90 jier. De neitins oan har stiet op side 4. Wy sille har misse!

Begjin novimber hawwe wy fan it reservearringsburo fan Welzijn te hearen krigen dat de Gemeente de plafondplaten fan de grutte seal fan it wyksintrum yn dy wike ferfange sil. Sy hawwe ús oanjûn om dan 16 jannewaris te reservearjen foar de Nijjiersbesite. **Yn oerlis mei it iendeisbestjoer hawwe wy de datum fan de Nijjiersbesite dan ek feroare fan 9 nei 16 jannewaris. Tink der dus om!!** It programma fan de Nijjiersbesite kinne jimme lêze op side 9 fan dit boekje. De hear Hindrik van der Meer is û.o. de gast en sil ús meinimme yn muzyk en sjongen. Op de siden 9 oant en mei 12 stiet in hiel stik oer syn wurk en libben.

As wy dan fierder yn de tiid sjogge, dan komme wy al oan by it 50-jierrich be-steen fan it sjongkoar en ek tagelyk it ôfskie fan it sjongkoar. It tal leden wurdt elk jier lytser en de âlderdom fan de leden hat hjir fansels ek mei te meitsjen. It is tige spitich, mar it is net oars. 7 febrewaris wurdt der yn teäter Posa foar it lêst optreden en sil it sjongkoar opheft wurde.

Yn foarlizzend boekje hawwe wy probearre om wer in oantal ûnderwerpen oan jimme oan te bieden. Fansels is Eabele van der Veen syn kuier noch net ôfrûn. 25 july j.l. hat hy wer in stik lâns de grins fan Fryslân rûn. Der komme noch 2 kuiers.

Fierder hawwe wy wat reklame makke foar it FriesMuseum, as jimme der noch net west ha, gean in kear nei Ljouwert en besykje it museum. It is de muoite wurdich!

Jehannes en Wytse steane elts jier op camping 'De Zandkuil' yn Heerde en sy hawwe (side 15) in stik oanlevere oer it ûntbleatsjen fan it monumint foar Pieter Paulusma. En fansels ontbrekke de Boekehoeke en de Itensiderij ek wer net yn dit boekje.

Oant sa mar wer, ik hoopje jimme allegearre te moetsjen op de Krystmiddei fan it sjongkoar yn teäter Posa op 20 desimber o.s.

Ik winskje jimme noflke Krystdagen ta en fansels in goed útein fan it jier 2025

Jimme foarsitter, Jan Bijkerk.

Camping de Zandkuil ûntbleatet monumint foar Piet Paulusma: 'Us heit hie dit prachtich fûn' (ynbrocht troch Johannes en Wytse)

Jierrenlang kaam Piet Paulusma alle simmers nei Heerde om te kampearjen op De Zandkuil. Nei it ferstjerren fan de bekende waarman wist eigener Ron Beets al dat er wat bysûnders foar Piet dwaan woe. Mar wat? Dat waard hjoed ûntbleate. "Hy wie net samar in campinggast", seit Beets. "Hy hat jierrenlang de camping en de omjouwing echt op 'e kaart set." Doe 't er op 20 maart 2022 ferstoar, kaam it hurd oan by de campingeigeners." We sille him ôfgrysliek misse ", sei doetiidsk eigener Petra Beets, de mem fan Ron Beets.

Nei it fuortfallen fan de fêste camping-gast dit jier wist Ron Beets fuortendaliks dat er wat bysûnders foar Paulusma dwaan woe, mar wat? It earste idee wie in campingfjild nei him te ferneamen, seit Beets. "Mar dat fûnen wy ek wer sa klisjee." In pear jier lyn kaam



der in nij sanitêrgebou op de camping, yn de buert fan Paulusma's fêste plak. "Camping-gasten moatte dêr wol hinne kinne", seit de eigener. Sa ûntstie it idee in paad oan te lizzen. "Doe wie it: ien en ien is twa." It Piet Paulusma paad is net allinnich nei de waarman ferneamd. It paad fiert ek nochris by syn fêste stânplak lâns. Achter dat campingplak stiet it monumint. Piet Paulusma wie net allinnich gast, Beets seach him as goede freon. "We ha ek gewoan gesellich mei-inoar sitten, bierke dronken." As de waarman op de Zandkuil stie, stoppe it wurk net. "Elke jûn



en de grutte autodyk wer rjochting Willemsoord. Ik kom foarby in pear moaie âlde pleatsen. De Amsterdamhoeve en de Utrechthoeve, dy't opset binne troch de 'Maatschappij fan Weldadigheid'. De minsken dy't yn de koloanjes kamen te wenjen, koenen der it buorkjen leare. Der is yn it doarp mear to sjen fânút dy tiid. Ik sjoch in hiel grutte muorreskildering mei in foarstelling derop fan in barren út 1825. Der kamen doe 56 ferweesde bern út Doardt oan yn dit doarp. Dy bern krigen in plakje by de minsken yn de koloanjes. In bysûnder bouwurk is it âlde pleatske tsjinoer de Utrechthoeve. Dat is hielendal tichtmitsle. In frjemd gesicht, gjin ruten, gjin doarren en de stiennen allegear yn deselde kleur. Dêrnei kom ik ûnder it spoar en de autodyk lâns en kom ik yn de buorren. Ik fyn it in moai en libben doarpke. Oer de Paasloregel kuierje ik wer fierder by de grins lâns. Paasloregel is de namme fan it âlde klinkertdykje nei Paaslo. Dit is tink ik in âlde ûntginningsas. De strjitte is smel en kearsrjocht. Der steane goed ûnderhâlden wenten en pleatsen oan. Alles is hjir op regel. Rjochts fan my, ticht achter de wenten, is de Fryske grins. Dêr is ek 'it Fryske fjild'. Dit wie ea in grut heidegebiet. De bewenners út dizze streek mochten it lân sels oanmeitsje ta boerelân. Dat lân krigen sy dêrnei yn eigendom. Tsjintwurdich is der noch hieltyd in feriening fan eigeneren dy't it behear hawwe oer dizze grûn. Oer de Friese Veldweg kin ik yn noardlike rjochting nei Blesdijke kuierje, troch in prachtich lânskip. It sjocht der, fyn ik, goed fersoarge en skjin út. Midden yn de romte steane in pear lytse wite wâldhúskes. In moai gesicht. It falt op dat der gjin grinspeallen mear steane. Ik haw lêzen dat dy nea pleatst binne. De grins wie yndertiid dúdlik genôch te sjen, sei men. Nei in pear kilometer bin ik op de trochgeande wei tusken De Blesse en Oldemarkt. Dêr komt de bus lâns. Ik ha noch trije kertier om fierder op myn rûte te kuierjen. Ticht by Oldemarkt bin ik ynstapt. Ik ha hjoed wer in protte wille hân.

De stikkene krûk.

In âlde frou rint op 'e wei, se nimt twa lege krûken mei, sil nei de put om wetter.

Dy put is noch in hiele reis, se is in oere ûnderweis, soms wurdt it noch wol letter.

Sa rint se dêr dan my har jûk, oan beide kanten elk in krûk. Moarns ier giet se der hinne.

Mar sjoch, dy iene krûk is lek, dêr sit in barst, in raar gebrek. Soe 't har neat skele kinne?

As se wer thús komt mei har fracht, heart se in stimke, lyts en sacht. De skeinde krûk sei dimmen:

"Ik wit net watst noch mei my moatst, want ik ha doch dy rare barst, kinst net in oaren nimme?"

"Nee," seit de frou, "dat doch ik net, ik ha fan dy no krekt ferlet, Want hast dit wol fernommen?"

Just oan dy side fan de wei, joechsto wat wetter elke dei ... En no bloeie dêr de blommen!"

Grytsje Kingma (Nei in âld Sjineeske wiisheid.)



KRITEGEARKOMSTEN WINTERSKOF 2025 - 2026


DATUM	WAT KOMT DER?
20 DESIMBER 2025	Krystmiddei fan it sjongkoar yn teäter POSA
16 JANNEWARIS 2026	Nijjiersbesite yn 'Wijkcentrum Zuiderzee'
7 FEBREWARIIS 2026	50-jierrich bestean fan it sjongkoar yn POSA
14 MAART 2026	Toanielgroep FJOER mei 'LEK' yn teäter POSA
18 APRIL 2026	Toaniel, kabaret of muzyk yn teäter POSA

KRITENIJS.

- As jimme heard ha fan leden dy't siik binne, as oare saken dy't fan belang binne, graach efkes in berjochtsje fia e-mail nei: annie_evenhuis@hotmail.com, dan kin it bestjoer der oandacht oan jaan.
- As der leden binne dy't oar kritenijis hawwe of wat yn it kritekrantsje sette wolle, graach efkes stjoere nei sekrите@janbijkerk.nl Yn't foar tige tank.

By it bestjoer bekende troudatums van ús leden:

- Eise en Ymkje Bos, op 27 april 2026 65 jier troud
- Jan en Sjoerdsje Bijkerk, op 19 oktober 2026 55 jier troud.
- Metten en Reny Jonker, op 20 oktober 2026 50 jier troud



Ta neitins oan Fetsje Meijer-Holtrop

Op 30 oktober is ús krite- en sjongkoarlid, Fetsje Meijer, yn âldens fan 90 jier ferstoarn. Op freed 7 novimber wie der ôfskied fan Fetsje yn Ölandhorst.

Op de roukaart stie it ûndersteande gedicht :

Foar altyd ôfskied nimme, it docht sa sear.

Dy wat freegje, it kin net mear.


Dyn dwaan en wezen wy ferjitte it net.

Do bliuwt foar altyd yn ús hert.

Fetsje is hiel warber west foar ús Frysk sjongkoar, sa'n 40 jier as skriuwer en as argivaris. Fetsje siet yn de muzykkommisje, soarge foar de muzykstikken, sawol foar de optredens en, de lêste 10 jier, foar de Krystmiddei. Se soarge foar boekjes fan de meisjongers op de Krystmiddei as foar de Nijjiersbesite.

It lêste jier koe sy om har sûnens net mear sjonge en ek net aktyf mear mei dwaan. Dêr hat se in protte lêst fan hân en hat se ek tsjin fochten, mar se moast it dochs opjaan. It is goed sa, sy hat no rêst.

De bestjoeren fan de Sékríte en it sjongkoar winskje Jan, de bern, bernsbern en fierdere famylje in protte sterkte ta dit ferlies te dragen.



Kuier fân Noardwâlde-Súd nei Oldemarkt 25 july 2025

troch Eabele van der Veen

25 july wie wer in kuierdei foar my. Om healwei njoggenen stapte ik út de bus by Noardwâlde-Súd. De halte wie Westvierdeparten, krekt op grins fan Fryslân en Drinte. Westvierdeparten hjit de dyk wer't ik no lâns gean fierder nei it westen ta. De grins giet dan lykop mei dizze dyk op sa'n 150 meter ôfstân. By sydpaden gean ik dan wer nei de grins ta om de grinspeal to sykjen. It is hjir ek hiel rêstich. Oan de Fryske kant fan de grins binne grutte kornelkerijen. Ek steane der ferspraat yn it fjild wenbuorkerijen. Oan de Drintse side fan de grins leit it 800 ha grutte Lânguod De Eese. Oan inkele tagongspaden derhinne steane moaie pronkpeallen. In skilder is dwaande om dy wer kreas yn de ferve to setten. Ik fyn noch ien kear in grinspeal. Nei 5 kilometer is it plak wêr't de provinsje Oerisel mei Fryslân gearkomt. Der moat neffens de Bosatlas fan Fryslân in grinspeal stean. It trije-provinsje punt. Mar dêr kom ik net by. Hy stiet op ferbean terrein achter in filla mei in grutte tún en in moaie fiver. Grutte, bearende hûnen ûntnimme my it sin om der noch langer te wêzen. No't ik by de grins mei Oerisel oankaam bin, makket de wei in bocht nei links en giet dêrnei deun by de grins lâns. De namme fan de wei is net mear Westvierdeparten mar Wilhelminalaan. No steane der oan de Fryske kant wat mear wenten. Oan de oare is wer mear bosk. Ik kom lâns in bysûnder houten tsjerkje. It is neat grutter as in foech wenhûs en it lyket wol wat op in Noarsk stiftstsjerkje. Men neamt it hjir it Westertsjerkje en it heart by Lânguod De Eese. It lânskip feroaret stadich oan. It doarpsgebiet fan Willemsoord begjint. 'De Maatschappij fan Weldadigheid' hie hjir yn de 18de iuw ien fan har trije koloanjes. De grins bûcht fanôf hjir nei De Blesse ta. It liket dat der yn Fryslân gjin koloanjes west hawwe. By De Blesse giet de grins oan de westkant fan it spoar



Westertsjerkje



Hoeve Utrecht

der Meer, dat fan harren oer. 15 jier hawwe se tegearre sa'n 12 bustochten yn 't jier holden en om en de by 7000 minsken op in ûnderhâldende wize yn 'e kunde brocht mei it Fryske lânskip, skriuwers, dichters en muzikanten. Underwilens wie it boek Goaiïngea, it ferhaal fan in doarp, ferskynd. It boek, skreaun oer de skiednis fan it doarp en de Lege Geaen, is útjûn ta gelegenheid fan it fyftichjierrich bestean fan doarpsbelang (1995). Van der Meer sette it op mei gâns meiwurkers út it eigen doarp, hyskreausels en wie einredakteur. Dêrnjonken joech er lieding oan de sjongploech 'Auke Roukes' (1991). It koar dat santich leden telde út de hiele Lege Geaen, song lieten út 'Fryslân Sjongt' en gâns nije lieten, faak fan de hân fan Van der Meer. In tal dêrfan steane op twa cd's: 'Hoe soe ik net fan Fryslân sjonge' (2000) en 'Lit dyn eigen taal net swije' (2005). Yn 2006 hat it koar mei in ôfskiedsreis troch Denemarken in punt efter har bestean set. Yn eigen behear joech er yn 1981 it dichtbondeltsje Fêstlizze, út. As lid fan de Musikologyske Wurkgroep fan de Fryske Akademy wie er belutsen by de 10e fernijde printinge fan Fryslân Sjongt (1996) en de twadde fernijde printinge fan Sjong mar ta (1987). Foar it MSU, it mienskiplik sintrum foar it ûnderwiis, wurke er mei oan it bondeltsje mei bewegings- en sjongspultsjes Kom mar yn 'e rûnte (2002). Hindrik van der Meer is ek warber op it mêd fan de tsjerkmuzyk. Tegearre mei dichter/skriuwer Eppie Dam fan Balk makket Hindrik van der Meer fernijende liturgyske sjongstikken. Dam skriuwt de teksten en Van der Meer komponearret de muzyk. Se meitsje likegoed Hollânsktalige as Frysktalige sjongstikken. De earste 'Een zwaluw maakt zomer', is fan 1993, de tolfte, mei de titel 'Wurden fan 'e berch', waard yn 2008 presintearre. Dêrnjonken komponearre Van der Meer de muzyk by in tal musicals oer persoanen út de Bibel. Hy die dat yn 'e mande mei tekstskriuwers Folkert Verbeek en Jeltsje Gerbrandy. Mei har trijen hawwe se sjongstikken makke oer Ruth (2002) en oer Jona (2007). Yn 1996 skreau Van der Meer sels de tekst en de muzyk fan de musical 'Joazef', útjûn yn 2008. Ek yn lanlike fermiddens hat Van der Meer bydragen levere op it mêd fan fernijende liturgyske muzyk. Tusken 1991 en 1997 wie Van der Meer belutsen by de berne-iepenloftspullen fan Jorwert en letter, Easterwierrum. Hy makke lietteksten, komponearre de muzyk en studearre de lieten yn mei de bern. Tegearre mei Geartsje Douma fan De Pein, dy't de teksten fan de ferskes skreau, hat Van der Meer 2 tekstboeken cd's produsearre ûnder de titel Deuntsjes foar dy 1 en 2 mei 107 nije ferskes foar beukers.

UT DE BOEKEHOEKE



Henk de Haan.

Skriuwer, master en ûnderwiisbegelieder.

Begûn pas nei syn pensjoen mei skriuwen, debutearre yn 2002 mei de detektive 'De nacht fan de stroffelstiennen' (2002). Yn 2003 ferskynden 'Marije' en 'Oarloch en leafde yn de Spaanske tiid', op 'e nij in roman tsjin in histoaryske eftergrûn.

'It skaad fan de draak' is in Fryske roman fan Henk de Haan, útjûn yn 2004. It boek behandellet tema's as integratie, identiteit en it finen fan dat plak binnen in nije kultuer.

Dizze roman is aktueel fanwege it tema migraasje, it woarteljen dêrfan yn Fryslân en de persoanlike toan fan Henk de Haan's skriuwstyl.



Gearfetting fan it boek:

It ferhaal folget Paul, de soan fan Vietnameseke boataflechtlingen, dy't as bern yn Fryslân bedarret en dêr folslein ynboargere is. Paul tinkt dat er syn libben hielendal op oarder hat. Hy is lokkich troud mei Miranda, se hawwe twa sûne berntsjes en hy hat in goeie baan. Wannear syn pleechâlden stjerre, ûntdekt hy dat der in geheim oan syn komôf ferbûn is en giet hy op syk nei syn wiere identiteit en famyljeskiednis. Hy moat op 'e syk nei syn woartels. De wierheid set syn sinnen en dat fan Miranda op syn kop. 'It Skaad fan de Draak' is krekt sa spannend en werkenber as in ôflevering fan 'Spoorloos'!

Luit Dijk

Fries Museum - ferhaal fan Fryslân

‘Ferhaal fan Fryslân’, op de earste ferdjipping fan it Fries Museum, is de ferrassende kennismakking mei Fryslân en de Friezen. Hoe is Fryslân ûntstien en wat is typysk Frysk? Untdek hoe’t dichters, keunstners, sjongers en filmmakkers Fryslân troch de jierren hinne yn byld brocht hawwe. De útstalling jout antwurd op fragen as: hawwe der yn de midsiuwen echt Fryske keningen west en hoe Frysk binne de Fryske kij? Wat diene de Fikingen yn Fryslân? Wat moast Grutte Pier mei sa’n ûnbidich grut swurd? En wêrom is it lytse Sleat wol in stêd en Drachten net? Oan de hân fan goed hûndert ‘nijsgjirrige’ objekten ûntdekke jo hoe’t Fryslân troch minsken makke is, wat Frysk is en wat miskien wol hielendal net. Prikkeljende ferhalen dy’t sjen litte dat Fryslân folle mear is as it skûtsjesilen, de Alvestêdetocht en grutte greiden fol swartbûnt fee. De ferhalen wurkje as in kaleidoskoop. Je sjogge en ûntdekke allegearre wat oars. Lykas elkenien in eigen byld hat fan Fryslân, de meast ‘eigensinnige’ provinsje fan Nederlân.



FRIES MUSEUM (foto Michel Kievits)

In must-see foar Friezen, toeristen en elkenien mei in Fryske eftergrûn: ûntdek de Fries yn dysels yn it Fries Museum! De tentoanstelling lit sjen hoe’t it Fryslân fan no troch minsken makke is. Sa wurdt oan de hân fan in memoarjeboerd út 1752 de myte fan de swartbûnte Fryske ko ûntbleate, wylst it pop-

pehûs fan de lytse jonkfrou Clara van Sminia ferhellet fan de teloargong fan de steaten en stinzen. En hoe is it imago fan Fryslân en de Friezen eins ûntstien? It wurdt yn alle gefallen folop útrûpele yn de reklamekampanje foar ‘Snelle Jelle’. Op de muorren projektarre dichtregels sjen litte hoe’t Fryslân yn de rin fan de tiid troch dichters beskreaun is. It Buro Opera Amsterdam tekene foar in eigentiidske foarmjouwing dêr’t byld en lûd in wichtige rol yn spylje. De besiker wurdt ûnderdompele yn Fryslân en sit midden yn de wrâld dêr’t alle ferhalen fan de útstalling him yn ôfspylje. Op de muorren jouwe it Fryske lânskip en de Fryske loftten har einleas út. Fotografieren riden de hiele provinsje rûn en kreëarren it grutste fotopanorama fan Nederlân. In soundscape fan Studio Louter draacht by oan it Fryslângefoel. In ferhalebok en in ‘doebok’ litte jong en âld tegearre it ferhaal fan Fryslân ûntdekke.

ferskes sels yn. Dat slagge sa goed, dat se it by de Omrop graach sa hâlde woene. It resultearre nei ferrin fan tiid yn optredens rûnom yn it lân, en in optreden foar de Dútske tillefyzje. Tsien jier lang hawwe se sa optredens fersoarge. Der binne trije platen (letter cd’s) mei byhearrende boeken mei bernelieten útbrocht troch de famylje Van der Meer: Kwek kwek minemyn (1976), Hup sûpengroattenbrij (1980) en Rettiket Tsjyng Boem (1992). Ien fan de doelen dy’t Hindrik van der Meer altyd foar eagen stien hat, wie om in hiele protte minsken, mei ferskillende eftergrûn, op in sa ûntspannen mooglike wize yn kontakt te bringen mei de Fryske taal. ‘Ambassadeur’ wêze foar it Frysk, dat hie er himsels as opdracht meijûn.



Allinnich, of tegearre mei syn frou, hat er sa troch de jierren hinne hiel ferskate inisjativen ûntwikkele en ta stân brocht. Om mear Frysk yn tsjerke te krijen organisearren Hindrik en Beitske begjin jierren santich ‘kryst-speel-ins’ yn Goëngea. Mei meiwurking fan sawat it hiele doarp waard nije Frysktalige krystmuzyk ynstudearre en opfierd. Oant healwei de jierren tachtich hawwe de ‘speel-ins’, mei meiwurking fan in hiel soad gelegenheidssjongers en muzikanten, plakfûn. In folgjend projekt wiene de literêre busreizen. De earste yn 1990, wie organisearre yn it ramt fan it Frysk Festival en hie as tema’s de bruorren Halbertsma en Fedde Schurer. De tocht wie in sukses en de minsken fregen nei mear. De Van der Meers diene dy earste jierren de organisaasje en administraasje sels, mar omdat dat úteinlik dochs wat tefolle tiid frege naam it Gysbert Japicxhûs yn Boalsert, ek ûntstien út in inisjatyf fan Van

yn Fryslân waard er learaar Frânsk oan de kristlike mulo te Harns. Inkelde jierren letter kombinearre hy dy baan mei de stúdzje Skoalmuzyk, earst yn Ljouwert oan de Muzyk Pedagogische Academy en letter oan it Grinzer konservatorium. Letter kaam er werom op de kweekskoalle te Snits, doe't er dêr yn 1970 in beneaming krige as learaar muzyk. Doe't de Pabo yn 1990 nei in fúzje ûnderdiel waard fan de Christelijke Hogeschool Noord Nederland (CHN) en nei Ljouwert ferhuze, koe er mei in regeling út it ûnderwiis stappe. Dat er net mear les joech, betsjutte foar Hindrik van der Meer net dat er him noflik del joech yn in luie stoel. Hy hie al namme makke as inisjator fan alderhande projekten op it muzikale mêd en krige doe de tiid om noch tal fan oare ideeën op it mêd fan muzyk, taal en kultuer stal te jaan en út te fieren. De útfiering fan it bibelsk drama 'Simson' (1959) fan Fedde Schurer troch learlingen fan de kweekskoalle yn Snits, wie it earste ûndernimmen dêr't Van der Meer, doe sels noch learling, it inisjatyf ta naam. De pasifistyske toan yn de haadartikels dy't Schurer skreau foar de Friese Koerier en de wize werop't hy de Fryske taal brûkte, makken yndruk op de jonge Hindrik. Yn 1976 skreau er muzyk by in tal fersen út de bondel De gitaer by it boek fan Schurer, dat resultearre yn it útjaan fan in langspylplaat mei de titel 'Span de Sitters, slach de trommen', útfierd troch learlingen fan De Him (sa as de kweekskoalle yn Snits yntusken neamd wie). It blykte de opmaat te wêzen foar jierlikse nije frysktalige kulturele projekten dy't Van der Meer yn de rin fan de jierren mei syn learlingen op tou sette. Sa hawwe se ferskeidene gelegenheids foarstellings makke, dy't rûnom yn de provinsje opfierd waarden. Inkelde fan dy programma's wiene: 'De bisteboel fan omke Roel' (1978), ynspirearre troch in liet fan Diet Huber; Dit is oare taal (1980); 'De letterfretter' (1981) en 'Romkje Roekenêst' (1982), beide lêste programma's op teksten fan Baukje Wytsma en muzyk fan Hans ten Have. Ta gelegenheid fan 50 jier Fryske les yn it ûnderwiis brocht De Him de opfiering fan de musical 'Joazef Masterdreamer' (1987). In Fryske oersetting fan 'Joseph and the amazing technicolor dreamcoat' fan Tim Rice (teksten) en Andrew Lloyd Webber (muzyk). De musical is 15 kear opfierd, net allinich yn de skoalle, mar ek yn guon teaters yn de provinsje. As muzyklearaar oan in oplieding foar ûnderwizers murk Van der Meer dat der net folle eigentiidske Fryske berneferskes wiene. Hy foarseach yn dat ferlet troch sels ferskes te skriuwen en op muzyk te setten. Yn deselde tiid, midden jierren santich, sette Radio Fryslân útein mei skoalleraudio-útstjoerings. Sy fregen Van der Meer om lietsjes foar bern te meitsjen en dy mei studinten út te fieren yn de studio. Omdat de earste opnames yn de simmerfakânsje foelen, song de famylje Van der Meer, heit, mem en de fjouwer âldste bern, de jongste soan moast noch berne wurde, de

UT DE ITENSIDERIJ



GRINZER MOSTERSOP

Sa as ôfsprutsen op de Jiergearkomste folget hjirûnder it resept fan de Grinzer Mostersop. Us mem makke de sop ôf mei rjemme fan de kij, ik doch it mei 'kookroom light'.

Yngrediïntenlist foar 4 persoanen:

- 1 sipel
- 1 teantsje knyflok
- 1 prei
- 1 ytleppel sinneblomoalje
- 300 gr. Ierappels
- 500 ml wetter
- 1 grientebûljonblokje
- 150 gr. drûch spek
- 5 gr. farske biezelok
- 2 ytleppels Grinzer moster



- Snipperje de sipel en knyflok, waskje de prei en snij se yn heale ringen
- Meitsje de oalje hyt yn in hege panne en fruitsje de sipel, knyflok en prei oan.
- Skyl de ierappels en meitsje lytse blokjes – wetter en bûljonblokje der by dwaan en lit dit allegearre 15 minuten siede.
- Underwylst it spek knapperich bakke yn in pankoekspanne sûnder oalje – lit it dêrnei útlekke op keukenpapier en snij it yn stikjes. Snij ek de biezelok fyn.
- Doch de moster der by en meitsje de sop glêd mei in staafmikser
- As it waarm is: doch ik der wat ytleppels 'kookroom light' troch, oant de kleur jo oanstiet.
- Ek kinne jo de rjemme der oer dwaan as jo de sop al yn de sopkoppen getten ha
- Foegje dêrnei it spek en de biezelok ta.

Sukses tawinske, Sjoerdsje.

It bestjoer fan it sjongkoar en de krite nûget jimme út
op 20 desimber yn teäter POSA foar it bywenjen fan de

KRYSTMIDDEI

De seal is iepen om 14:30 oere, wy begjinne om 15:00 oere.

Tagong: fergees - der stiet een skaal by de útgong foar jo gift.

Programma fan de krystmiddei:

1. Ingelsk Krystliet
2. Ut de hege himel kaam hy del
3. O, Hillige Nacht
4. Ferhaal
5. Meisjongers: De herdertjes lagen bij nachte
Midden in de winternacht
Stille nacht
6. Krystklokken
7. Winterwûnderlân
8. Hwat bin jo great, o God
Skoft.
9. Ald Krystliet
10. Gesang 1
11. Hoe sille wy fan frede sjonge
12. Ferhaal (Anneke)
13. Meisjongers: Nu zijt welkome
Komt allen tezamen
Er is een kindeke
14. Sang fan 'e hoeders
15. Gloria
16. Eare oan God

It bestjoer fan it lendeisbestjoer nûget jimme út
op 16 jannewaris yn 'Wijkcentrum Zuiderzee' foar de

NIJJERSBESITE

De seal is iepen om 14:30 oere, wy begjinne om 15:00 oere.

Tagong: fergees

Adres: Waddenlaan 1, 8223 XG Lelystad

PROGAMMA:

- 14.30 oere Seal iepen
- 15.00 oere Wolkomstwurd
- 15.10 oere Sjongkoar
- 15.40 oere Sprekker Hindrik van der Meer
- 16.10 oere Skoft
- 16.30 oere Fuortsetting sprekker Hindrik van der Meer
- 17.00 oere Sjongkoar
- 17.30 oere Ferlotting
- 18.00 oere Sluting

HINDRIK VAN DER MEER (oernommen fan Wikipedia)

Hindrik van der Meer (Bantegea, 4 july 1938) is in skriuwer en útfierder fan Fryske (berne)ferskes, en in organisator fan kulturele bustochten yn Fryslân yn gearwurking mei it Gysbert Japicxhûs yn Boalsert. Hindrik van der Meer groeide op yn in muzikale boerehúshâlding yn Bantegea, as âldste fan fjouwer bern. Mem wie lid fan it pleatslike sjongkoar en skreau ferskes foar brulloften en in mansk boek oer de minsken fan Bantegea. Heit en de fjouwer bern spilen by it pleatslike korps 'De Harmonie'.

Hindrik folge de ûnderwizers oplieding oan de kristlike kweekskoalle yn Snits. As begjinnend ûnderwizer hat er, tegearre mei syn frou Beitske Stavenga fan 1961 oant 1962 – flak foar de oerdracht fan it gebiet oan Indonesië- wurke by de Papoea's yn it doe-tiids Nederlands Nij Guinea. Werom

